Riedsútstel

Ried	:	23 maart 2023
Agindapunt	:	6
Status	:	Beslútfoarmjend
Program	:	Programma 5 - Sport, cultuur en recreatie
Eardere behanneling	:	25 novimber 2021, 3 maart 2022 en 15 desimber 2022
Portefúljehâlder	:	Dhr. T.O. Brinkman
Amtner	:	Mefr. D. Verbeek
Taheakke	:	1. Kultuernota Ut de kûlizen
Saak- en stiknûmer	:	Z2021-03542 / S2023-01821

Underwerp
Kultuernota Ut de kûlizen

Wy stelle jo foar te besluten om:
De Kultuernota Ut de kûlizen fêst te stellen.

Koarte gearfetting
Mei de Kultuernota Ut de kûlizen hat de gemeente in ramt foar it kultuerbelied. Oan ‘e hân fan trije tema’s, meidwaan, mei-inoar en nij & aktueel, wolle wy in nije ympuls jaan oan kultuerpartisipaasje yn de gemeente. Behâld en fuortsterkjen fan besteande kultueruterings en it stimulearjen en fasilitearjen fan nije aktiviteiten op it mêd fan kultuer.

Foech ried/kolleezje
De ried stelt de kultuernota fêst, wêrmei’t der in ramt is foar it kultuerbelied. It kolleezje stelt it útfieringsplan fêst en jout dêrnei útfiering oan de aktiviteiten.

Ynlieding
De hjoeddeistige kultuernota is fan 2008. De ôfrûne jierren wiene der grutte maatskiplike opjeften en ek de kommende jierren sil dat it gefal wêze. Dêrneist wurdt de eigen krêft fan de mienskip hieltyd wichtiger, mei as gefolch in feroarjende rol fan de gemeente en relaasje tusken ynwenners en oerheid. Dat binne foar ús redenen om nij kultuerbeleid te ûntwikkeljen, mei as resultaat in mienskiplike kultuernota op haadlinen foar Achtkarspelen en Tytsjerksteradiel.

Histoarje
Op 25 novimber 2021 is de Kultuernota Ut de kûlizen yn de gearkomste fan de ried bepraat, mar net oannommen. Yn dy riedsgearkomste is ien amendemint oannommen en binne der trije moasjes oannommen. De trije moasjes binne ferwurke yn it útfieringsplan fan de kultuernota. It amendemint is net ferwurke omdat it riedsútstel net oannommen is.

Yn jo gearkomste fan 25 novimber is ek praat oer de musea yn de gemeente. It Mobiel Oorlogsmuseum yn Gerkeskleaster en it Legomuseum yn Droegeham binne nei foaren kommen. Dizze musea, mar ek it Museum/Oudheidkamer yn Gerkeskleaster, ha wy net mear opnommen yn de kultuernota. It komt werom yn in notysje oer it subsidiearjen fan musea yn Achtkarspelen.

Op 3 maart 2022 is de kultuernota op ‘e nij yn de gearkomste fan de ried bepraat. De ried hat doe ûnder oaren besletten om de Kultuernota foar ien jier fêst te stellen en foar 1 jannewaris 2023 mei in ferbettere kultuernota te kommen, dêr’t de feedback fan de ried wol yn ferwurke is. Ek binne der fia amendeminten guon tekstwizigings oannommen.
De tekstwizigings binne oanpast yn de kultuernota. Dêrneist binne de opnames fan de riedsgearkomste fan 25 novimber 2021 en 3 maart 2022 op ‘e nij belústere. Neffens ús is alles wat bepraat is, fia in moasje of amendemint oanpast yn de kultuernota, op ien ûnderwerp nei: Méér Muziek in de Klas. Dat ûnderwerp is tafoege yn de nota.

Yn de riedsgearkomste fan 15 desimber 2022 is de kultuernota wer bepraat. Doe is ôfpraat dat der in oerlis komt mei de fraksjespesjalisten kultuer. Dat oerlis is west op 12 jannewaris 2023. Yn it oerlis is ôfpraat dat de kultuernota aktualisearre wurdt troch it oanpassen fan jiertallen, dat de ambysje fan it kolleezje yn it foaropwurd komt en dúdlik wurdt dat alle doelgroepen bestjinne wurde. Yn taheakke ferzje fan de kultuernota binne de wizigings yn read oanjûn.

Te berikken effekt
- Ramt foar it kultuerbeleid fan Achtkarspelen en Tytsjerksteradiel
- Breed kultureel oanbod om aktive likegoed as passive dielname oan kultueruterings fuort te sterkjen

Arguminten
De hjoeddeistige kultuernota is fan 2008
De ôfrûne jierren wiene der grutte maatskiplike opjeften en ek de kommende jierren sil dat it gefal wêze. Dêrneist wurdt de eigen krêft fan de mienskip hieltyd wichtiger, mei as gefolch in feroarjende rol fan de gemeente en relaasje tusken ynwenners en oerheid.

In nije kultuernota jout mooglikheden foar nije ympulsen
Hoewol’t der noch altyd útfiering jûn wurdt oan de hjoeddeistige kultuernota, jout in nij ramt ek wer mooglikheden foar nije ympulsen.

Kanttekenings
De Kultuernota Ut de kûlizen ferfalt nei in jier
Op 3 maart 2022 hat de ried de Kultuernota Ut de Kûlizen foar ien jier fêststeld. Fan 3 maart 2023 ôf binne wy wer oanwiisd op de kultuernota fan 2008.

Alternativen
Neffens ús is no alles wat bepraat is, oanpast yn de kultuernota. Foar in oare, ferbettere kultuernota is mear budzjet nedich, sa’t wy in ekstern buro ynskeakelje kinne.

Finânsjes
As bylage by de kultuernota is in útfieringsplan taheakke mei dêryn nije aktiviteiten op it mêd fan kultuer. Dy sille wy de kommende jierren útfiere neist de besteande aktiviteiten. Foar útfiering fan de nije aksjepunten is in ekstra bedrach fan € 7.000 nedich (rûzing):
- Kultuermenu foar jongerein en folwoeksenen € 5.000
- Digitaal kultuerloket dêr’t it komplete kultueroanbod sichtber is € 1.000
- Organisearjen kultuermerk/kultuerplatfoarm € 1.000

Yn de earstfolgjende kadernota sille wy freegje om fan 2024 ôf € 7.000 op te nimmen yn de begrutting as dekking fan de nije strukturele aktiviteiten.

Ynwenners- en oerheidspartisipaasje
De kultuernota is op ynteraktive wize ta stân kommen. Yn jannewaris 2021 is der in digitale startgearkomste west foar ynwenners, organisaasjes en riedsleden fan Achtkarspelen en Tytsjerksteradiel. Wy ha begjin 2021 ek in enkête op de websides fan beide gemeenten pleatst. Yn trije ferfolchgearkomsten ha kultueroanbieders en -partisipanten praat oer de trije tema's fan de kultuernota. Dat hat resultearre yn in útfieringsplan. Foar de jongerein ha wy in priisfraach útskreaun om in kultuerprojekt te betinken oan 'e hân fan de trije tema's. Der binne sân projekten yntsjinne.

Yntegraliteit
Sawol meiwurkers fan it sosjaal as romtlik domyn binne belutsen west by de tarieding fan de kultuernota.

Previnsje
-

Gearwurking
De Kultuernota Ut de kûlizen is in beliedsnota op haadlinen foar beide gemeenten. De kultuernota is op 25 novimber 2021 fêststeld yn de gemeenteried fan Tytsjerksteradiel en leit no op 'e nij ta fêststelling foar yn Achtkarspelen.

Ferfolchtrajekt / kommunikaasje
Yn gearwurking mei kultueroanbieders en -partisipanten jouwe wy útfiering oan de aksjepunten yn it útfieringsplan.

Evaluaasje
Nei fjouwer jier is der in evaluaasje fan de aktiviteiten yn it útfieringsplan. Dy evaluaasje sil foar kundskip (fia de LIS) nei jo takomme.

Bûtenpost, 21 febrewaris 2023

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

sekretaris, boargemaster,

dhr. mr. M.P. de Jong dhr. mr. O.F. Brouwer

Riedsbeslút

De ried fan de gemeente Achtkarspelen;

lêzen it útstel fan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders d.d. 21 febrewaris 2023, punt nr.: 6;

Beslút:

de Kultuernota Ut de kûlizen fêst te stellen.

Lykas fêststeld yn de iepenbiere gearkomste fan de ried fan de gemeente Achtkarspelen fan 23 maart 2023.

De griffier,	De foarsitter,
Dhr. mr. G.J. Andringa	Dhr. mr. O.F. Brouwer